

It Hekershol

Colofon

ISBN: 978 94 6365 867 6

1e druk 2026

© 2026, Joast Hiddes Halbertsma

Uitgeverij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Leeuwarden

www.elikser.nl

Drukwerk: CSL digitaal B.V.

Vormgeving binnenwerk en omslag: Evelien Veenstra

Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand en/of openbaar gemaakt door middel van druk, fotokopie, microfilm of op wat voor wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de auteur en de uitgeverij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

It Hekershol

*Hoe't Gosse Knop út Molkwar
himsels oan de duvel ferkocht,
watfoar bjusterbaarlikheden him oerkamen,
watfoar skelmstikken er úthelle
en hoe't er oan syn ein kaam.*

Joast Hiddes Halbertsma

Oerset yn modern Frysk
en taljochte troch Sjoerd Bottema



Ynhâld

1	It heksershol	7
2	In ûnfoech skepsel	9
3	Betsje	13
4	Begangels	18
5	Keimpe Jakkeles	25
6	It ferhaal fan de preker	33
7	In nuvere ome	36
8	De tsiisdieven	39
9	Utferkarden en wurkhilligen	41
10	It skoudermanteltsje	44
11	Gosse en syn skaad	46
12	De fearboat nei Holwert	52
13	In studintegrap	54
14	Muoike Wypk	58
15	Kreambesite	71
16	Bokkesprongen	85
17	Roaits Djurres	90
18	Aal Idzes	96
19	Takomstplannen	103
20	Duvelskeunsten	106
21	Ingel Doitzes	117
22	Keimpes wraak	121
23	It tichthús	126
24	Rynk Ockes	131
25	Betsje	138
	Neiwurd	141

1 It heksershol

Sa neamt it sprekward Molkwar en no sil ik jim ris sizze, wêr't dat weikomt. De Molkwarders binne net allegear heksemasters en al har âlde wiven gjin heksen, mar der hat eartiids in houlik yn Molkwar west, dêr't ferkeard neigeslacht út kaam, en dat moatte se no allegear ûntjilde. Dêr hat in Gosse Knop west, dy't it spul bedoarn hat en dy't it troch syn neikommelingen sa fier brocht hat dat it sprekward seit:

Flokken en swarren
Is 't wapen fan Molkwarren

2 In ûnfoech skepsel

Sa gau as Gosse te wrâld kaam, wie der sa'n sterke swevellucht yn 'e kreamkeamer, dat de baakster tsjin alle gebrûk yn it finster opskowe moast; want gjin minske koe it yn dy stank úthâlde. Wat de jonge útskiet, wie pikswart en klearebare¹ duvelstront en it hat wol in fearnsjier duorre foardat de faam de lucht út de ruften en doeken spield hie.

Syn heit wie in fyn kofskipper², dy't mei in grutte bibel ûnder de earm en de holle hingjend nei ien side sneins trijeris nei tsjerke gong.

Syn mem Isabella wie in knap frommes, de dochter fan in poep³ dy't as húsfeint by de grytman⁴ tsjinne. Menear wie foar in fjirdepart eigner fan in kofskip, en doe't hja seis jier as keamerfaam by mefrou tsjinne hie, troude se mei Jeyp Knop, dy't troude mei in kreas jong frommes en troch menear oansteld waard as kaptein op it kofskip, want de âlde skipper wie gammel en krukkich en koe it farren op see net mear oan. Doe't se trouden koe Isabella net mear allinne rinne, en Gosse Knop kaam al mei de fiifde moanne opdaagjen, neffens it sprekwurd: "It twadde bern komt op syn tiid, mar it earste komt as it klear is." Jeyp waard der twaris om fan 't *Avondmaal* útsletten, mar hy wie kofskipper.

Gosse waard yn 't opgroeien yn alles in ûnfoech skepsel.

1 oars neat as

2 kof = platboaiemyslskip foar frachtferfier

3 dútser

4 soarte fan boargemaster

Nei it lichem dijde er grouwélích út; op syn tsiende jier wie er al sa groubonkich, dat se him oanseagen foar in feint fan sechstjin. Alle jonges dy't er baas koe, skopte er en knoeide er en fan natuere wie it in boal; want syn grutste wille wie it âljen fan in earne kat, dy't er by de ein fan de sturt in pear minuten as in stien oan in tou yn 't rûn gisele. As master him wat ferbea, seach er braaf en ûnderdienich foar him del, krekt oft er gjin trije telle koe; ja, dan liet er ek wol ris in inkele trien fan berou rôlje, en as de man him omdraaide, stiek Gosse syn grutte blaaier⁵ út, en sei: "Alde poep, frek!" It moaiste wie, dat sa'n loebes, sa'n lomperik, de fromme man úthinge, en as er nachts mei in skearslipersslet⁶ yn it hea lein hie, dat er dan de oare jûns mei de âlde wyfkes yn 'e kosterij⁷ siet te moaipraten en te psalmsjongen. Dat die er al op syn santjinde jier; mar it foel noch net op. Dy't him goed koene, seine dat er de smoarchste rûchhouwer en de skynhillichste praatsjemakker wie, dy't minske-eagen oait sjoen hiene. Mar hoe't er se ek efter de earmtakke hie, op syn tweintichste jier helle er wat út dat him mear bekend makke.

De soan fan de Molkwarder beurtskipper nûge him ris út om in reiske mei nei Amsterdam te dwaan; hy soe frij út en thús. Dat gong oan, mar dêr dûkte er hielendal ûnder, sadat syn kammeraat him op it lêst kwytrekke en sûnder him thúskaam. Wêr't dy planeet doe al sa

5 tonge

6 skearsliper: immen dy't by de doarren lâns gong om skjirren en messen te slypjen

7 konsistoarje: fergaderkeamer fan de tsjerke

omswalke hat, dat hat gjin minske oait neispoare kind; ik sil allinne sizze, wêr't er hjir en dêr op syn omswervingen troch syn kunde sjoen is.

Op it Wetter te Amsterdam trof him in man fan Molkwar, dy't boekhâlder fan in mennich Rigafarders wie; want doe leine der soms sechstich Eastseefarders fan Molkwar, allegear mei it swantsje yn it wyt yn de flaggen, oan de brêge te Riga. Dy man wie in grapmakker ; hy hie in bulte nocht oan healwize streken en nuvere setten; en hy hie ek wol ris nocht oan ûnnocht⁸, lykas safolle âlde Friezen, doe't se noch har eigen sin diene en net de moade fan Hollân nei-apen.

Hy wist dat Gosse in earste professor by de panne wie en dat er hast safolle op koe as trije hongrige poepen⁹. “Wolst mei my ite, Gosse?” sei de boekhâlder.

“Jawol,” sei Gosse, dy't by de Jonker- en Ridderstrjitte omflintere hie en rammele fan de hunger, want dêr hie mear te drinken as te iten west en it fleis dat se dêr ferkochten, wie ek gjin kofleis.

De boekhâlder naam him mei nei de Keizerskroane yn de Keallestrjitte. Dêr sette er Gosse op 'e ein fan de tafel, dêr't in tritich hearen oansieten, flak tsjin in Eastyndysk kaptein oer, en hy sels derneist. Doe't it miel sawat op healwei wie, hie Gosse der al in heale ham en al de hapkes dy't der omhinne stiene, ynproppe. De feinten tôgen almar mear en mear oan, mar alles fersonk yn de boaiemleaze mage fan Gosse.

De Eastyndyske kaptein hie der wakker wille om en

8 wille om pynlike situaasjes

9 Dútsers

kaam net oan iten ta; hy hie it each net fan Gosse syn grutte kaken ôf, dy't mar ivich trochmealden.

“Wêrom sjogge jo my sa oan?” sei Gosse einlings.

“Wol kammeraat,” sei de kaptein, “ik bin juster fan myn reis út Eastyndië thúskomd: dêr bin ik op Borneo ûnder de minskefretters west, en it hie net folle skeeld, of hja hiene my mei myn stjoerman ek opkôge. Mar as my dat ûngelok oer komme moat, dan hoe koarter lijen hoe better, en dêrom hoopje ik datsto my dan opfrette silst. Want do witst it spul fuort te krijen.” Al de hearen laken, en om't alles oan dy ein fan 'e tafel wer skjûn ophimmele wie, waard it tiid dat hja opkroaden. Doe't de boekhâlder de kastlein betelle, sei dy: “Menaar, as jo my by mear fan sokke gasten oanpriizgje, sis it my dan foarôf; dan sil ik se neist de hynders op stâl fuorje.”

3 Betsje

In wike of seis dêrnei binne se him wer ris op it spoar kommen te Aldwâlde yn Noard-Hollân. Dêr kaam er oan op in sneintemoarn en omdat it jild op wie, hie er gjin boadskip yn de kroech. Hy gong dus streekrjocht yn tsjerke, dêr't er flak foar de dûmny oer siet en him elts wurd út de mûle seach.

Mar foardat de preek oangong, seach Gosse noch in raar ding. Der wie in keardel mei in murdefanger¹⁰ yn 'e tsjerke; dy hûn hâlde him nuet¹¹ en braaf en lei mei de kop tusken de twa foarste poaten oan ientriedwei nei dominy op te sjen. Dat kaam dominy lykwols yn syn eare, en hy sei tsjin de koster dat dy hûn de tsjerke út moast. Mar doe't dy tagripe soe, liet it bist de tosken sjen en gromde en bromde sa freeslik, dat dominy tsjin de koster sei: "Och Manus, lit de hûn mar gewurde. It bist begrypt der gau safolle fan as de measte fan myn tahearders."

Dêrop begûn de man te preekjen oer de gewichtige wurden fan Leviticus alve, fers tritich: *Ende de mol*. Hy dielde syn preek yn trije parten; ten earsten, de mol is blyn, de minske is ek blyn; ten twadden, de mol wrot yn de ierde, de minske wrot ek yn de ierde om goud en wrâldske eare; ten treden, de molwrotter wurdt út de grûn wipt mei de lodde¹² fan de mollefanger; sa wurdt de minske, de earne ierdwjirm, wipt fan de duvel.

10 hûn dy't murden fangt; murd = bunzing

11 kalm

12 platte skeppe

Doe't de dominy sa oardeloere wakker yn de stoel omskrept en omslein hie, gong de tsjerke út en dominy wie noch net yn de pastori, of Gosse wie der ek.

“Jo kenne my net, dominy,” sei Gosse, “mar ik moat jo dochs sizze, dat jo my skoan¹³ foldien hawwe. O! o! dat ivige helske fjoer! Ivich is sa lang! Mochten de godleazen dochs noch hearre en har bekeare! Mar wy binne útferkard, dominy! Wy kinne net tebek falle.”

Dominy wie in from, bêst man, mar mocht graach in slokje en dat wie bekend; dêrom waard er noait beneamd yn in oar plak en hy woe sa ferskuorrende graach ris út dy fûke fan Noard-Hollân wei. Doe't dominy syn lof hearde, frege er Gosse: “Wa binne jo, freon?”

“Ik bin in kokeaper fan Warkum,” sei Gosse, “dêr moat in nije dominy wêze, en no't ik dochs nei Poarmerein moast, hat de tsjerkerie my fersocht om jo trije sneinen oanien te hearren en har dan ris witte te litten, oft it wiere fjoer yn jo brânt en oft jo suver yn 'e leare binne.” Dominy tocht: dêr is byt, en sei tsjin Gosse: “Dan kinne jo better hjir yn 'e pastori wêze, tinkt my, as yn 'e herberge.”

“Dat is wol sa, dominy,” antwurde Gosse, “mar ik moat ûnderwilens myn saken dwaan.”

Sa bleau Gosse dêr trije wiken útfanhûs¹⁴. Hy prate wakker mei dominy oer it *goede*, soms let yn 'e nacht op; hy iet en dronk fan it bêste, want dominy, dy 't it each hieltyd op in beneaming yn Warkum hie, helle royaal út en lei him yn 'e watten; middeis hie er sels

13 hiel goed

14 NL: logeren

in fesse wyn op tafel; en as er it iten binnen hie, sjoude er sabeare¹⁵ by de boeren yn de krite lâns om de kij te sjen. Tsjin itenstiid siet er jûns altyd wer oan de bak; dêr hapere gjin minút oan.

Dominy hie ek in faam fan achttjin jier, Elisabeth Klant. In allerleafst en aardich skepsel, sa sjocht men se selden. Har heit wie loads op Teksel en om't er him gauris soargen oer har makke en de mem dea wie, wie de man bang, dat se yn de hannen fan de iene of oare seekaptein falle soe. Dêrom die hy har as faam by in lândominy, want dêr miende hy, dat hja feilich wie foar de ferlieding dêr't jonge fammen op seedoarpen altiten oan bleat steane.

Der siet in skrandere holle op dy faam, mar hja hie dit mei in soad dochters fan Eva gemien, dat hja graach leaude wat de feinten¹⁶ har oer har himelske blauwe eagen, har leeljeblanke hals en har geve rigele tosken wiismakken. Gosse hie dat gau yn 'e noas en wist har dat fergif sa fyntsjes en sa faak yn te jaan, dat hy gau har hert stellen hie en hja foar him de soallen út de skuon rûn. Op it lêst begûn er har ris út te daagjen, wylst hja foar him stie om de teekopkes om te spielen. Hy klamde syn beide grutte hannen fan efteren om har mul en wylst er sei: "Betsje, wat hasto in moai kier yn de rêch!" joech er har oer it skouder in tútsje. Hja waard sa read as bloed, en fleach fuort, mar hja sei it net oan dominy. Hy hie bot lêst fan 'e waarmte, bewearde er en om wat út te wazemjen liet er him de lêste wike mannich kopke tee moarns troch de faam op bêd bringe.

15 die er as sjoude er

16 feint: jonge man

Doe't de tredde wike hast foarby wie, kamen der echte kokeapers út de krite fan Warkum yn de oarde en Gosse, dy't bang wie dat dy him ferklappe soene, sei nei de tredde preek tsjin dominy dat er net twivele of hy soe nei sok hearlik preekjen wol yn Warkum beneamd wurde. Hy soe alteast¹⁷ dwaan wat er koe.

“Mar no is der ien probleem,” sei er.

“En wat is dat?” frege dominy.

“Wol,” sei Gosse, de beurs is plat. Ik kom wat bûsjild tekoart.”

“Wolno,” sei dominy, “wy binne ommers yn de wrâld om elkoar yn ús neden by te stean. As dat net te hurd oankomt, kin ik jo wol helpe.”

“Ik wit net,” sei Gosse, “jildliene oan in man, dy't men net ken, dat is al wat nuver. Mar mei in hûndert gûne wie 'k rêden en myn kammeraat, dy't hjir mei in deimannich komt om kninehannel, kin it jo werjaan.”

Dominy telde hûndert keizersgûnen foar him út op tafel, en dêrmei en in swiet galgemiël¹⁸ gong Gosse hastich nei Den Helder ta.

Dominy hearde fan syn nije freon, fan jild en beneaming taal of teken, mar mei in wikemannich kaam der in keardel fan Hynljippen¹⁹, dy't goed op 'e hichte wie en him fertelde dat der yn Warkum yn gjin fiif jier in dominysfunksje fakant west hie, en doe seach dominy yn watfoar hannen er fallen wie.

“Dan hat dy keardel my bedondere,” sei dominy, “en

17 teminsten

18 ôfskiemiël

19 Hindeloopen

ta tank hat hy myn hiele wynkelder der noch by leech sûpt.”

Mar 't slimste²⁰ moast noch komme. De ingel wie fallen: Betsje moast yn de kream²¹. De heit kaam fan Den Helder en geat as in rou seeman al de flokken fan de hel oer de holle fan dominy út, dat er net better op syn bern past hie.

“Ik miende,” sei er, “ik miende dat ik ús Leavenhear by de holle hie, mar no sjoch ik, dat ik de duvel by de fuotten haw.”

Dit barde de jûns let; de man trille fan lilkens en koe de hannen hast net fan dominy ôfhâlde.

De oare moarns rôp dominy de faam, mar der kaam gjin antwurd. De man kaam skruten²² fan bêd ôf en wylst er nei it fammekeammerke gong, seach er de reinwetterbak wiid iepenstean en de toffels fan de faam derfoar, krekt oft hja op bêd gien wie. De leave Betsje hie har, nei it toaniel fan de foarige jûn, yn 't holst fan de nacht ferdronken. Hja koe net libje mei har skande en it fertriet fan har heit, en de ûngelokkige loads koe oan syn bern op Den Helder neat oars ta wolkomthús bringe as it lyk fan har ferdronken suster.

20 NL: ergste

21 wie yn ferwachting

22 bangich

4 Begangels

Foardat ik no fierder ferhelje, moat ik jimme sizze dat Gosse syn mem no in âlde fekke fan in snúfdoas wie, dy't altyd in brune tabaksdrip út 'e mûle hong. Der waard sein dat hja in tsjoenster²³ wie en sels gjin frommeske as mem hân hie. Yn Molkwar leauden se allegearre dat hja bret wie út in hoanne-aai; want in hoanne leit om de sân jier in aai en as dat iepenbrekt komt der in tsjoenster út.

Gosse wie ien fan twalingen, broer en suster, mar hy wie alhiel ûngelyk oan syn suster, want dat wie de gollens en frommens sels en hy wie in ûndogenske loebes, dy't hieltyd op falskheid en ferrie út wie. Hy seach ek mear as in oar; mar dat kaam dêrfan dat hy mei in helm²⁴ berne waard, dy't de kremhelp him ûnder de brij opfuorre hat. De suster hie ek in helm, mar dy hie de kremheinster ferbaarnd en dêr, woene se wol sizze, kaam it fan dat hja net mear sjen koe as wy allegearre, wylst Gosse begangels²⁵ seach en foartsjirmerij²⁶ hearde. Dêr sille wy no ris in staaltsje fan fertelle.

Doe't Gosse dy streek yn Aldwâlde úthelle hie, gong er nei Den Helder en nei't er dêr in pear nachten foar de gûnen fan dominy by Janke-en-dy²⁷ útfanhûze hie,

23 heks, frou dy't toverje kin

24 flues om in berneholtasje by de berte

25 fisioenen fan in begraffenisstoet as foarteken fan in stjergefal

26 foarsizzing troch lûden

27 froulju fan lichte seden

swaaide er mei de postboat nei Skylge²⁸. Syn earste oanrin wie al wer by de dominy, in bêste en ek wol in gelearde keardel, mar sa ûngeduerich as in ekster, en dy't men mei skik ²⁹ gjin oere by jin hâlde koe as mei frjemde ferhaaltsjes oer foartsjirmerijen en spûken. Dêr hie Gosse altyd in sekfol fan klear en om't er fan dominys swak gau de lucht krige, betsjinne er de man mei sokke nuvere en ôfgryslke stoarjes, dat dy soms fan ferbjustering hast net sykhelje³⁰ koe. En dêr kaam noch by in begangel, dy't Gosse sjen koe mar in oar net en dy't útkaam krektlykas hy it sjoen hie.

Gosse hie mei dominy te jûnpraten³¹ west, doe't hja om tsien oere hinne wer nei hûs staptten; it wie tsjuster moanne, mar de wyn waaide út it noarden en dan is it altyd ljochter as mei oare winen. Hja rûnen oer in smelle wei, dêr't amper in wein lâns koe, en it wie sawat healwei doe't Gosse skrok en besiden it spoar sprong en rôp: "Sjoch, sjoch, dominy! Kom hjir!"

"Wat sjochste?" sei dominy. "Ik sjoch oars neat as wolken."

"Sa klear as de dei sjoch ik foar my in begraffenis," antwurde Gosse, "ik sjoch in haaiwein³² mei in swarte deakiste derop en in swart en in wyt hynder derfoar. En dêr komme de freonen ek al oan dy't efter it lyk geane. Sjoch! In oare dominy hat de foargong; dan

28 Terschelling

29 mei goed fatsoen

30 ademhelje

31 op besite

32 heawein

folgje jo mei jo boike³³ oan de hân; dan jo skoanheit, en no jo sweager fan Pitersbierrum.” En sa neamde Gosse de hiele kloft dy’t mei te hôf gong, fan de earste ta de lêste op. Sels de froulju, dy’t derefter rûnen, werkende er troch it reinkleed en al hinne. Dominy woe him dy begangels as fantasterij út de holle prate, mar Gosse woe derop swarre dat hy it by dei net skerper sjen koe as no by nacht.

In fjirtjin dagen dêrnei stoar dominys wiif oan de reahûn, want dy hearske doe rûnom op Skylge. Dominy wenne wol in healoere fan ’t tsjerkhôf ôf, sadat it lyk derhinne riden wurde moast, en om Gosses begangel no ta in leagen te meitsjen liet er twa swarte hynders komme en de lykwein lâns in bredere wei, in eintsje fan de smelle leane ôf dêr’t de begangel sjoen wie, nei ’t hôf ride. Doe’t de boer de hynders foar de wein spande, krige it iene bist ûngemak en foel del as in stien; men seach oeral om in swart hynder, mar der wie neat oars te krijen as in wyt, mei in swart kroltsje foar de kop. Sa gong it nei ’t hôf; mar doe’t se by de brede wei kamen, lei dêr in grutte Noardske balke, dy’t út in bútskip ³⁴ oanspield wie, dwers foar de yngong, sadat der neat oars op siet as de smelle leane lâns dêr’t har de begangel moete, dy’t no mei it wite en swarte hynder, en dominy en syn boike oan de hân, ta wierheid waard.

Doe’t it folk werom wie, gongen se oan it begraffenismiel en der waard drok praat en flústere oer dy begangel. Mar

33 soantsje

34 op it strân fêstrûn skip dêr’t dê lading fan as bútskip beskôge waard